

De reuzen wurde wekker


Kolofon

ISBN: 978 90 8954 975 4
1e printinge 2017
© 2017, Akky van der Veer

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel of rjochtstreeks
by de útjouwerij:
Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra
Omslachfoto: Elmar Kuiper

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de prwinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwster en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De reuzen wurde wekker

In oare skiednis fan de Ierde en de minske

Akky van der Veer



Freedom is to be what you are

Jim Morrison

Oan de lêzer

Wa bin ik? Wêr kom ik wei? Wêr gean ik hinne? Wat doch ik hjir? Wêrta binne wy op Ierde? Dat binne de algemiene minsklike fragen dy't elkenien op in stuit wolris hat. Wy wolle as minske it leafst witte wêr't wy oan ta binne.

As famke sette ik yn al myn skoalskriften ûnder myn namme en adres: Fryslân, Nederlân, Europa, de Wrâld, it Hielal (mar dan yn it Nederlânsk fansels). Wêrom't ik dat die? Omdat oare bern dat ek diene? Om myn plak te witten op dizze Ierde?

De measte lytse bern witte nei de berte yn de matearje noch in skoftke wêr't se weikomme en wêr't se thúshearre. Dat is te sjen yn har eagen, de spjegels fan de siel. Mar dat oanberne spirituele witten wurdt har troch de skoalle en de mienskip al gau wer ûntnommen. Want alles hjir op Ierde hat te krijen mei de fluit en de duit (seks en jild), sa't myn leave man Henk altyd sei.

Wat is der mis mei ús en mei de Ierde? Wêrom is der safolle gaos, lijen en tsjusterens? Stakingen, bankenkrisis, godstsjinstoarloggen, revolúsjes, 'cyber'oanfallen, terreurdrigings, pornonetwurken, wapenwedrinnen, needtastannen, honger en earmoede, miljoenen flechtingen, tsientûzenen bern sûnder âlden dy't samar weiwurde of yn de seksyndustry bedarje. Wêrom? Hoe is it mooglik dat de wrâld om ús hinne basearre is op macht en op jild? Dat earlik diele ûnmooglik liket en dat der noch altyd stânsferskil ûnder de minsken bestiet?

Mar is dat ek net in bytsje ús eigen skuld? De Elite boppe-

oan yn de hiërgary kin dat yn stân hâlde om't wy ús gedrage as in keppel nuete skiep. As ien fan de keppel ek mar in bytsje fan it gongbere paad ôfwykt, wurdt dy fuortendaliks troch de oaren weromfluite of út de keppel ferballe. Net mear by de groep hearre makket ús benaud, dat is bedriigjend, dus passe wy ús hâlden en dragen oan en bliuwe wy leaver yn de 'feilichheid' fan de keppel.

Minsken tusken de perken hâlde is hielendal net sa dreech foar de Elite. Se hâlde ús gewoan yn in konstante tastân fan stress. Dat begjint al hiel jong. Us bern moatte nei skoalle, leare, prestearyje, eksamen dwaan en hege sifers en in diploma helje. Oars telle se net mei yn ús maatskippij.

Wy, as folwoeksenen, wurde ek kontinu dwaande holden mei 'planem et circenses', mei 'brood en spelen'. Wy moatte sjen dat wy in baan krije, dat wy de kost fertsjinje, derfoar soargje dat der genôch te iten is, mar ek klean, in hûs en in auto. En 'spelen' binne der ek by 't soad om ús ôf te liden fan ús werklike bestimming en essinsje.

De reklames yn 'e krante, op de radio en de telefyzje piperje ús de winske libbensstyl yn. De praatprogramma's dêr't wy nei hearre of sjogge, mei foar- en tsjinstanners fan in bepaald 'item', jouwe ús it idee dat wy in miening ha meie. Wy 'meie' nei de stimbus, want dat is ús demokratysk rjocht, wurdt ús foarholden. Wylst demokrasy yn myn eagen al lang in 'leech' wurd is, in wurd sûnder ynhâld. Demokrasy bestiet net mear, as it oait bestien hat.

It liket wol oft wy as minsken net yn frede en harmony meielkoar omgean kinne. As der konflikten binne, wêrom is it dan sa dreech foar de Feriene Naasjes en oare ynstânsjes

om it deadzjen en moardzjen te kearen, nettsjinsteande de fredesûnderhannelings en de ambassadeurs?

Ut de boeken fan Marcel Messing en Robin de Rooter learde ik dat al dy gaos, genoside, etnyske suveringen en rampen in algemiene oarsaak ha. It is allegear mei opsetsin fier fantefoaren betocht troch in pear ‘minskjen’ achter de skermen en harren hantlangers: foaroansteanden yn de mienskip boppe-oan yn de machtsstruktuer, dêr’t de gewoane boarger gjin weet fan hat.

It is in goed ferburgen, oerâld stribjen nei kontrôle en rykdom mei as tema: folsleine sizzenkip oer de Ierde en de minskjen, yn alle fasetten. Dêrby geane se letterlik oer liken.

Dizze ‘minskjen’ oan de top binne al in hiel skoft dwaande mei it besykjen om de wrâldpopulaasje te reducearjen. Der binne neffens har fierste folle ‘useless eaters’ dy’t troch har net sa maklik ûnder kontrôle te hâlden binne. Grutte kâns dat jo en ik - as gewoane minskjen - ek by dy ‘useless eaters’ rekkene wurde. Soms liket it wol as wurdt der in hiele grutte fâle foar ús opset dy’t elk momint tichtklappe kin. Watte? Wy wurde deagewoan útroege! Jo soene der wanhopich fan wurde!

Mar dochs wurd ik dat net, want ik wit dat it ljocht úteinlik oerwinne sil. Ik leau yn de grutte kosmyske wet fan siedzjen en rispjen. Wat jo útstjoere krije jo werom. Net haat en oarloch, mar ljocht en leafde binne de essinsjes fan it bestean.

‘Wy binne de leafde kwytrette,’ sjongt de yn 2016 ferstoarne dichter-sjonger Leonard Cohen. Wy moatte de leafde wer weromfine. Dêrom wurdt it tiid foar in geweldleaze revolúsje, de revolúsje fan de geast, de revolúsje fan bewust wurden. Der moat in stoarm fan protest opstekke

dy't dat hiele bouwurk fan korrupsje en selsferriking ynelkoar stoarte lit. Dan sil it ljocht de tsjusterens ferdriuwe en sille wy frij wêze. Ik hoopje fan herte dat ik it begjin dêrfan noch belibje mei.

Op it lêste boek dat ik skreaun ha en dat no al wer hast fjouwer jier lyn ferskynd is: 'Brieven oan ús mem' krige ik nochal útienrinnende reaksjes fan 'moai' oant 'dreech' en 'ik snap der werklik wier neat fan'. Oer it generaal foel it ôf, ha ik achter myn rêch om wol begrepen. Dochs waard my likegoed hiel faak frege: 'Wannear komt der wer in nij boek?' Ik wist dêr gjin antwurd op te jaan. Wat moast ik sizze? Dat ik der noch net klear foar wie? Dat ik noch hieltyd oan it learen wie?

Ein ferline jier tocht ik ynienen: As ik noch wat wol op skriuwermêd, dan moat it no wêze. Utleard bin ik noait en ik wit no mear as genôch fan myn ûnderwerp om der in oannimlik ferhaal fan te meitsjen. Ik fiede oprjocht de inerlike driuw om op myn eigen wize te fertellen oer wat foar my de wierheid wurden is, mei as doel jo as lêzer mooglik nije ynsichten te bieden.

By in syktocht nei de wierheid, krekt as by oare syktochten, rinne jo wolris tsjin in muorre oan of binne jo ynienen op in dearinnend spoar of stappe jo yn in falkûle. Ik kin dêrom net garandearje dat it allegear 100% wier is wat ik skriuw. Hoe kinne jo der no wis fan wêze wat de wierheid is yn in wrâld fol leugens? Yn dizze tiid wêryn't de meast bizarre saken oan it ljocht komme, is it dêrom wichtich om ticht by josels te bliuwen en op jo yntuysje te fertrouwen.

Bêste lêzer, no witte jo sa'n bytsje wêr't jo mei dit boek oan ta binne en wat jo derfan ferwachtsje kinne. Stiet it jo net

oan? My bêst. Kinne jo myn gedachtegong net folgje? Ek goed. Binne jo it net mei my iens? Prima. Ik bin te âld om my dêr noch wat fan oan te lûken. Ik haw opskreaun wat ik te sizzen ha. Wat de lêzer derfan fynt, kin ik my net drok om meitsje. Dit is wa't en wat ik bin.

Ien fan myn tsien beppesizzers (de tsien fan Hindriks Akke) sei okkerdeis tsjin my: 'Beppe liket wol in komplottinker.'

Ik sei: 'Nee, leave jonge, beppe is gjin komplottinker. Beppe is in kompléttinker.' No, sa!



Jo moatte even trochbite, bêste lezer, want ik bats der fuortendaliks yn. Oars kin ik gjin kant út mei wat ik fertelle wol. Earst even in warskôging foarôf: Leau myn ferhaal net sûnder mear. Wês foaral hiel kritysk en ûndersykje alles earst sels. Mar slút op foarhân de mooglikheid net út dat ien en oar wolris hiel oars wêze kin as dat jo altyd foarholden is en dêr't jo mei grutbrocht binne. Fan myn kant sil ik myn bêst dwaan sa dúdlik en iepen mooglik te wêzen.

De wierheid ûnder eagen sjen kin net samar fan de iene op de oare dei. It is in lang en muoisum proses. Ik ha der withoelang oer dien om safier te kommen. Ik ha earst, krekt as oaren, wakker gnyske om in man as David Icke mei syn frjemde ideeën. Ik ha by de earste lêzing fan Martijn van Staveren, dy't seit út de takomst te kommen, ek tocht: Ah nee, dat kin net, dat bestiet net.

Mar ek de Pleiadiërs, dy't sûnt de tachtiger jierren fan de foarige iuw hjir by ús op 'e Ierde binne en 'channele' wurde troch Barbara Marciniak, ha it deroer dat se út de takomst komme. Sterker noch: se sizze dat wy har binne, mar dan yn de takomst.

Oan sokke ideeën moatte jo in hiel skoft wenne. Jo moatte it lineêre tiidsbesef fan juster, hjoed en moarn loslitte doare. Dat falt net ta. Earst is it roettsjuster om jo hinne en neare nacht, dêrnei begjint it in bytsje te daagjen en dan - ynienen - sjogge jo it ljocht, om it samar ris te sizzen.

Martijn van Staveren wurdt noch hieltyd mâl oansjoen as er seit dat er út de takomst komt en syn hiele libben al kontakt hân hat mei bûtenierdsken. David Icke is jierrenlang foar gek fersliten, mar hat it noait oerjûn of him ôfskrikke litten. Hy sette gewoan troch mei syn ideeën, skreau der tritich boeken oer en publisearre in hiele protte filmkes op Youtube.

En sjoch no ris: hy kriget hieltyd mear begryp en oanhing, reizget de hiele wrâld ôf en stiet op dit stuit foar folle sealen fan tûzenen minsken tagelyk. Wat hy te fertellen hat is syn missy wurden. Hy wol syn meiminsken wekker meitsje. Krekt itselde as wat ik ek wol. Ik wol jo hiel graach fertelle oer wat foar my de wierheid wurden is:

‘Yn it universum tilt it op fan it libben. In protte bûtenierdske beskavings binne yn technologysk en spiritueel opsicht miljoenen jierren fierder as ús. It minskdom is siedde troch bûtenierdske yntelliginsjes en dêrnei ferskate kearen genetysk manipulearre troch bûtenierdsken dy’t foar ‘goaden’ oansjoen waarden. Dy goaden - mei in lytse g - ha har eigen DNA mjukse mei de oarspronklike minske en in primityf ras om sadwaande ‘wurkers’ te kreëarjen: lulu’s. Sûnt dy tiid binne wy de slaven fan de Globale Elite of de saneamde ‘Ylluminati’, dy’t miene dat wy har besit binne en de baas oer ús spylje kinne. En allinne as wy wekker wurde út in al tûzenen jierren duorjende sliep en einlings beseffe wa’t en wat wy fan oarsprong binne, kinne wy ússels wer befrije.’

Bêste lêzer, wat foar my wier is hoecht dat foar jo net te wêzen, hear. De wierheid fan de ien hoecht net needsaaklik de wierheid fan in oar te wêzen. Elk minske hat rjocht op syn/har eigen wierheid. Der binne ferskate graden yn it learproses dêr’t wy hjir op Ierde mei dwaande binne.

En jo moatte foaral jo eigen ûnderskiedingsfermogen

brûke foar alle ynformaasje dy't op jo takomt, ynklusyf dit boek. Wekker wurde út in lange sliep, dêr giet it om, begripe jo wol?

Dan geane wy no fierder om bewizen te finen by boppesteande stelling. Dat is in hiele opjefte, omdat ús altyd foarholden is dat wy as minsken folslein unyk binne yn de kosmos. Dat wy de kroan-op-de-skepping binne. Dat wy de meast yntelliginte soarte binne. Dat der njonken ús fierder neat mear bestiet.

Mar is dat net it toppunt fan arrogânsje? Alles wat wy belibje spilet him ôf op in planeet dy't op universeel nivo noch lytser is as in spjeldekop. Wy binne echt net allinne yn de kosmos, dat is in hiele grutte misfetting. William Shakespeare, de Ingelske toanielskriuwer en dichter út de sechtjinde iuw, wist it al wol: 'Der is mear tusken Himel en Ierde as wy fermoedzje, Horatio, of dreame kinne', lit hy yn syn 'Hamlet' sizze.

Sawol yn it ferline as hjoed de dei hawwe der tûzenen minsken west dy't ferteld ha en fertelle kinne oer bûtenierdsk libben. Wy moatte dêr allinne wol nei harkje wolle. Wy moatte it gruttere plaatsje sjen wolle. Dat is net sa maklik, dat kostet de nedige ynspanning en muoite.

As it libben op 'e Ierde in learproses is, dan ha ik de lêste tsien jier fan myn libben mear leard as de sechtich jier derfoar. Mar wat mear ik lear wat minder ik wit. It is in proses dat altyd mar trochgiet en dêr't gjin ein oan komt, liket it wol.

Foar't ik dit boek skreau, ha ik in hiele protte lêzen, artikels op it ynternet bestudearre, fideo's op Youtube besjoen en 'on line' nei radioprogramma's harke. Wêrom? Om bewizen te sykjen dat ús skiednis - de skiednis fan de Ierde en de minske - hiel oars ynelkoar stekt as wat der yn

ús skiednisboeken stiet, wy op skoalle leard ha en ús troch de ‘mainstream’ media foarholden wurdt.

It is moai dat it ynternet der is. Sa kinne wy ús dochs ynformearje litte oer in totaal oare werklikheid as dy’t se ús leauwe litte wolle. Soms moatte jo de leugens 180% omdraaie om it echte ferhaal te finen. De Globale Elite en de machten achter de skermen ha it net foar wêze kinnen dat dit medium by it grutte publyk terjochte kaam.

De oarsprong fan it ynternet is Arpanet, in yn 1969 yn de Feriene Steaten boud militêr netwurk, dat letter troch Amerikaanske universiteiten foar algemien gebrûk geskikt makke is en dêrnei útgroeide ta in mondiaal fenomeen. Dat hat yn earste ynstânsje noait de bedoeling west, mar is no net mear te kearen. Lang libje it ynternet!

Mar fansels is it ynternet ek it plak foar lobbyisten fan grutte bedriuwen of de oerheid dy’t sa sûnder kontrôle yn ‘cyberspace’ operearje kinne. En rekkenje der mar op dat dy frijheid foar ús net lang mear duorret. It ynternet wurdt oan bannen lein. De earste tekens fan sensuer en kontrôle binne al dúdlik sichtber.

De oerheid en multynasjonals ha saneamde ‘trollen’, ‘shills’ en ‘debunkers’ ynhierd, dy’t goed betelle wurde om ûnder artikels op blogs en op fora te reagearjen en des- en misynformaasje te fersprieden en sadwaande de publike opiny te beynfloedzjen. Jo moatte echt jo uterste bêst dwaan om it wiere ferhaal noch te finen. De fraach is dan ek: Wolle jo dat witte of wolle jo dat net?

It artikel fan Ella Ster: ‘Waarom stoppen mensen liever hun kop in het zand?’ dat op 28 oktober 2016 op it ynternet publisearre waard, ha ik nei myn famylje en freonen tastjoerd

mei de meidieling dat it streekrojocht út myn hert kaam. Dêr ha ik oant no ta noch gjin inkelde reaksje op krigen. It begjint sa:

‘We leven in een krankzinnige wereld als mensen hun vingers in de oren stoppen bij het horen van een onaangename waarheid. Of het gesprek snel op een prettiger onderwerp over laten gaan. Of erger, de boodschapper aanvallen en beschuldigen van complotdenken of totaal ‘van het padje af’. Waarom is dit het geval? Waarom willen mensen liever niet de waarheid horen over wat er werkelijk achter de schermen gaande is?’

Ella Ster skriuwt dat it wol liket oft der in twadieling yn ús mienskip ûntstien is: De groep wierheidssikers en de groep ûntkenners fan de realiteit. De groepen falle elkoar oer en wer oan en skelle elkoar út foar fanatike komplottinkers en ûnnoazele skiep. De ienheid is sadwaande fier te sykjen yn ús mienskip.

Wat binne de arguminten fan de ûntkenners? Ella Ster neamt se op:

1. Ik sjoch wol dat it net alhiel doocht, mar ik wol it net witte, oars sliep ik net mear;
2. It is no ien kear sa’t it is, ik stek leaver de kop yn it sân;
3. Ik hâld my net mei negative dingen dwaande, oars rop ik it ûnheil oer my ôf;
4. Ik kin net leauwe dat ús oerheid net it bêste mei ús foar hat, ik fertrou de polityk;
5. It is no ienkear sa en it sil ek wol altyd sa bliuwe, dêr ha wy fierder gjin ynfloed op;
6. Miskien ferbetteret it wol yn de takomst, mar dat meitsje ik net mear mei;
7. Ik ha echt gjin tiid om my mei sokke saken dwaande te hâlden;

8. Wy moatte net sa seure, wy ha it hjir ommers hartstikke goed?

As jo de realiteit wol ûnder eagen doare te sjen, feroaret jo wrâldbyld. Dat is net te kearen. Miskien binne de ûntkeners dêr noch it bangst foar? Dat se de wissichheid dy't se hawwe loslitte moatte? Dat se net alternatyf tinke doare omdat se bang binne om it âlde en it fertroude kwyt te reitsjen? It fêstrustke dogma fan: Sa sit it en net oars?

2.

Op it ynternet kaam ik de webside fan ‘Shane the Ruiner’ tsjin en ek de ‘Wes Penre Papers’ dy’t - foar wa’t wol alternatyf doart te tinken - hiel nijsgjirrich binne. Sawol Shane the Ruiner as Wes Penre dogge al withoelang ûndersyk nei de Ylluminati, de Globale Elite. Wes Penre neamt dy de ‘Cabal’ of de PTB (Powers That Be). Hy leit yn syn papers dúdlik út hoe’t it safier komme koe dat 1% fan de minsken de baas spilet oer de 99% oaren.

Wes Penre neamt himsels learaar en learling tagelyk, want oer de ûnderwerpen dêr’t er oer publisearret, binne jo noait útleard. Syn doel is om syn lêzers nije ynsichten te jaan oer ússels, ús meiminsken en de wrâld om ús hinne.

By my hat er dat doel berikt, ik fûn it ‘mindblowing’ dêr’t ik sa’n wurd om sis en tagelyk foel it kwartsje: Oh, sit dat sa? Wer in pear puzelstikjes teplak lein yn de grutte puzel dy’t ‘Libben op Ierde’ hjit.

Salang’t it minskdom bestiet hat der al fernuvering west oer wat der boppe ús hollen allegear is: de sinne, de moanne, de stjerren, de planeten... Feitlik is it sa dat ús fiere foarâlden dêr folle mear fanôf wisten as wy hjoed de dei. It wiene masters yn de geometry, de astronomy en de astrology. Se hiene al troch dat stjerrebylden mar ‘figueren’ binne om’t wy se sa waarnimme, dat it ferbân allinne mar optysk is en dat stjerren yn werklikheid einleas fier fanelkoar ôflizze kinne.

De trije grutste piramides op it Plato fan Gizeh yn Egypte komme, wat de lizzing oangiet, geometrysk oerien mei de trije grutte stjerren dy't de saneamde gurdle fan Orion foarmje.

De grutste stjer fan it Siriusstelsel, no noch de helderste stjer oan de nachtlke himel, waard faak ôfbylde op de Sumearyske klaaitabletten. De folken fan Egypte en fan it âlde Mesopotamië tusken de Eufraat en de Tigris, koene tûzenen jierren lyn de nammen fan de measte stjerrebylden al. Mar Orion en Sirius wiene fierwei favoryt.

Wêr kaam dy fassinaasje wei? Hie dat miskien mei de 'An-unna-ki' te krijen, dy't fan in planeet út it Siriusstelsel, út 'an' (de Himel) kamen, har op 'ki' (de Ierde) nei wenjen setten en hieltyd oan it oarlozen wiene mei de 'Ary-An' fan de planeten út it Orionstelsel?

De Ary-An, in reptylras út it Orionryk, waard sintraal bestjoerd troch trije keninginnen en foarmen, neffens Wes Penre, in matriargale maatskippij. Doe kaam de Anunna, de frou-ûnfreonlike macho's fan Sirius, mei in kening op 'e troan dy't oer in patriargale mienskip regearre. En ja, dat botste en waard ien fan de grutste oarsaken fan in tûzenen jierren duorjende striid, tusken it patriargale en it matriargale, it maskuline en it feminine, it manlike en it froulike, yin en yang. In striid dêr't no noch altyd wat fan te fernimmen is, ek by ús op 'e Ierde.

Hoe moatte wy ús de skepping eins foarstelle? Is de skepping wol yn wurden út te drukken? Of is soks fierstente grut om te beneamen? Miskien moatte wy dat net iens besykje? En gewoan nei de muzyk fan 'Die Schöpfung' fan Joseph Haydn harkje en it dêrby litte?

Earst mar wat keale sifers: Hoelang't de Grutte Kosmos